

Fjirtich fabels yn wurd en byld

F20 12-7-'0

Fabels

troch Jaap Krol

De tradisjonele fabel, as literêr sjenre yn tsjinst fan opfieding en ûnderwiis, heart ta it moralisme. Dêr ha wy it net langer op stean." Sa iepenet it foarwurd fan *Lek en Brek*, in boek mei Fryske fabels; skreaun troch Harmen Wind en fan yllustraasjes foarsjoen troch Pieter Krijthe.

As oarspronklik moralistysk ferhaal wurdt de fabel befolke troch inkeld bisten en/of dingen. Mar net allinnich dêrom is de fabel wat oars as bygelyks in mearke. Hoewol't beide har wol ôfspylje yn in ûnmooglik lânskip en de personaazjes faak opfalle troch harren slûchslimheid, rint in mearke meastal goed ôf, wylst de fabel as fraachen antwurdsful de lekken en brekken just útfergruttet. De dialooch yn in fabel, begjin fan de delgong, is dan ek tige oanwêzich.

Lek en Brek telt fjirtich fabels, allegear foarsjoen fan in koarte titel, lykas *Trauma*, *It galgemiël* en *Oplossing*. Yn it ferhaal *De Frijheid* komt in springerige ree út it tsjustere bosk wei by in stek, dêr't in bok achter stiet. De ree hat begrutsjen mei dit opslet-

ten bist, mar de bok seit: „Ear-me lúsangel.” Hoe no? tinkt de ree en nei wat wurden hinne en wer seit de bok: „Dit hjir, earme siel, is ús lân, ús eigen grûn. Om dy kostbere frijheid te hoedzjen, ha wy him ôfskerme.” De ree wit dat syn wrâld definityf oars wurden is, as in ferlerne siel giet er it tsjustere bosk wer yn. It duorret eefkes, mar dan giet jin in ljocht op, daacht de betsjutting, mar ek de komplikaasjes fan it wurd 'frijheid'.

Yn it ferhaal *Trauma* swimt in tryste blei by in pûde fersûpte katsjes del, dêr't in roppige iel om syn miel siket. As er de iel oansprekt op syn fretsucht, wiist dy him op syn stikkene boppelip: „Do meist fansels lever in plomke wite bôle, mar hjir sit alteast gjin heak yn, sei er skealik.” (side 34). De blei beseft dat er syn eigen tekoart oerwinne wol troch oaren oan te sprekken op harren gedrach. De blei is tige allinnich, fielt de lêzer. Sa binne de filosofyske en psychologyske ûndertoanen yn dizze fertellings faak boartlik oanwêzich.

Graach wol ik wize op Wind syn bysûndere taalgefoel. Syn Frysk is net oerdreaun geef of âlderwetsk stoffich, it is op hiel



eigen wize sterk: moaie wurdkar, rappe dialooch en mylde iroany binne de yngrediënten dy't dizze ferhalen sa lykwichtich meitsje. Sa wurdt de toan krekt sa licht as djipsinnich, krekt sa ienfâldich as kompleks. Bisten binne gjin minsken, se kinne heechút minslke eigenskippen etalearje. Wind begrypt dat it by etalearjen giet om beharsking yn wurd en died, net om it djippe gefoel of it grutte gebear.

Wol fyn ik dat de skriuwer it soms wat opseit. Lit ik op it ferhaal fan de bok en de ree weromkomme: „Wy? tocht de ree noch, mar hy hie by neier besjen troch dat de âld bok gelyk hie. Dy bewenne syn eigen gerjochtichheid, en hjir stie hy, in omdoarmer yn 'e frijendte. Hy mocht der net yn.”

In fabel útlizze heart ta it moralisme. Dêr hiene de gearstallers it net langer op stean - tocht ik. Soms is it wat spitich dat dizze koarte ferhaaltsjes dochs

noch wurden nedich hawwe.

Fierders wol ik de yllustrator komplimentearje. Pieter Krijthe's perspektiven binne faak sa apart, dat de soms dramatyske tekst allinnich mar better wurdt. Lykas de lêzer eefkes

Bisten binne gjin minsken, se kinne heechút minslke eigenskippen etalearje

neitinke moat, sa moat de sjogger faak twa kear sjen om de faak hiele sobere tekening te begripen. Eins hawwe tekener en skriuwer net sa'n hiel soad middels nedich om yn myn eagen de wichtigste eigenskip fan in fabel sjen te litten: syn wreed-

heid. De bysûndere yllustraasjes binne fan 1 augustus ôf yn Natuurmuseum Fryslân te sjen.

Lek en Brek is yn meardere opsichten in moai boek. As sjoch-, lês- en foarlêsboek lit it folwoeksenen it bestean mei oarspronklike en sobere ferhalen befreesje. Moai foar nei it waarme miel bygelyks. Wisten jo trouwens wat in ielgoes is? In hoanskrobber? In Merkel? Krobbe? Ilebij? Imerke? Reidjuffer? Njirre?

i Ielgoes=aalscholver; hoanskrobber=kiekendief; merkel=meerkoet; krobbe=kever; ilebij=wesp; imerke=krekkel; reidjuffer=libel; njirre=adder

i *Lek en Brek* - fjirtich fabels. Harmen Wind en Pieter Krijthe. Utjouwerij Fryslân, 15 euro



Harmen Wind

Harmen Wind (1945) is sawol in Frysk- as Hollânsk-talich skriuwer. Hy publisearre mear as tsien Fryske dichtbondels en is poëzyresinsint foar de *Leeuwarder Courant*. Yn 1998 publisearre er de Frysktalige roman *De izers fan 'e frijheid*. Wind skreau fierder de Nederlânske romans *Het*

verzet (2002), *Meesterschap* (2005) en *Het talent* (2007). Foar *Het verzet* krige er yn 2003 de Debutantenprijs. It boek waard yn 2004 oerset yn it Frysk (*It Ferset*). Dêrfoar krige de skriuwer de Rink van der Veldepriis. Pieter Krijthe (1946) is byldzjend keunstner, yllustrator en dekorbouwer.